

Bea om frede

O God, fol fan frede,
jou yn jo genede
rêst oan de skepping dy't yn ûnstjoer is.
Hoedzje en noedzje bist en blom en see en lân.
Wol ús as minsken leare,
hoe't we alle rôfbou keare
en d' ierde trou beheare
mei kloeke hân.

Jo, Kristus, ús frede,
nim op ús gebeden
twaspjalt en spul út ús fermidden wei.
Meitsje ús fersoenlik troch Goedfreed en Peaskesnein.
Dat wy ússels oerwinne,
mei elts it fine kinne,
ja wier in mienskip binne,
oan Jo fersein.

Do, fûgel fan frede,
heech boppe alle rede,
himelske Hill'ge Geast fan Heit en Soan,
sweevje oer it wetter, reitsje ús lege lânen oan.
Doch ûngerjochtigheden
fier fuort troch jo genede
en folje ús hert mei frede
boppe 't ferstân.

tekst: Jan van der Ploeg

kin songen wurde op de meldij fan "Adeste, fideles" (Lietboek 2015 liet 477)

sjoch û.o. Gen. 1:2,28; Mat. 3:16; Rom. 12:18; Filip. 4:7; Iep.22:17.